

ARCHEOLOGYSK WURKFERBAN

Oantekens gearkomste Archeologysk Wurkferbân fan 26 novimber 2024

Oanwêzich: M. Keulen, G. Mast, H. Koopmans, T. de Groot, M. Talsma, T. Postma, W. de Jong, R. Amsterdam, G. Hofstra, H. Komrij, G. Hovinga, J.P. de Groot, W. Hagen, R. Wildschut, P. de Jong, K. Jager, A. Vellinga, H. Sloots, S. de Roos, K. Tiemersma

Ofwêzich mei berjocht fan behindering: J. Boersma, G. vd Plaats, C. van Hilten, G. Schotanus, R. van Joolen, D. Bos, H. Hofstra

1. Sible de Roos iepene de gearkomste, hjitte elkenien wolkom en makke ekskús foar de fout yn de earste útnûging dy't ferstjoerd waard.
2. Ynkommen stikken en meidielingen:
- Yolt IJzerman attindearre ús op in tentoanstelling yn it RMO/Leiden oer de brûnstiid. Koos Jager folle oan dat op harren webside in moaie firtuele rûnlieding stiet.
3. Ferslach fan de lêsthâlden Iedegearkomste op 03-10-2024: it ferslach waard sûnder wizigingen fêststeld.
4. Ynlieding fan Henk Sloots oer muntfynsten yn Fryske tsjerken..

De ynlieder fertelde dat er foar in selskip by de Rijksdienst Cultureel Erfgoed (RCE) al in lêzing oer dit ûnderwerp holden hie, wat wer de oanlieding foar NRC wie om dêr in artikel oan te wijen.

Earst waard yngien op de offisjele regels ('Certificeringsstelsel') foar archeologysk ûndersyk troch amateurs, sa't dy op de webside fan de RCE te finen binne. It is in stelsel dat yn Fryslân amper folge wurdt, it measte giet hjir op provinsjaal nivo.

Op in kaartsje liet Henk Sloots sjen hokker tsjerken ûndersocht binne, mei in konsintraasje yn it westen en midden fan de provinsje. Sokke ûndersiken wurde dien nei oanlieding fan wurksumheden, lykas int oanlizzen fan sanitêre foarsjennings. Fynsten wurde beskreaun/determinearre en trochstjoerd nei it depot yn Nuis.

Munten sa't dy yn ús tsjerken oantroffen wurde, binne noait âlder as let 14e iuw, wylst fynsten yn it fjild gauris âlder binne. Neffens Sloots soe dat lêste komme kinne troch de bloeitiid fan de kleasters tusken 1200 en 1300.

In soad lytsjild stamt út de 17e/18e iuw, de tiid dat it kollekteponkje syn yntree die. Om sa goedkeap mooglik út te wêzen, diene guon gemeenteleden in platfile knoop ('Kwaat geld') yn de ponge: sunigens is fan alle tiden...

Ek goed fertsjintwurdige binne de stedsmunten fan bgl. Boalsert of Frjentsjer, yn guon gefallen giet it om unike en amper bekende eksimplaren.

De foarsitter betanke Henk Sloots ûnder applaus mei in kadobon, om nei it skoft sels noch wat plaatsjes sjen te litten fan oare fynsten dy't by tsjerke-ûndersiken dien wurde, lykas brânskildere glêsfraaminten, tegels, framinten fan âlde flierren, keaten fan in ko, in skriuwstift fan izer en lytse hilligebyldsjes.

6. Omfreegjen:

- Ek diskear hiene guon oanwêzigen moaie fynsten mei, lykas munten út 'e Romeinske tiid, dy't yn it skoft yngeand besjoen en determinearre waarden.

7. Ta beslút betanke Sible it grutte oantal oanwêzigen en winske elk wol thús.

Ferslach: Koos Tiemersma